

Plan foar gendergelikensens

Provinsje Fryslân (Provinsje Fryslân)

provinsje fryslân provincie fryslân

De Europeeske Kommisje achtet gendergelikensens fan grut belang en hat maatregels nommen om dat te befoarderjen. Ursula von der Leijen, foarsitter fan de Europeeske Kommisje, hat har as doel steld om fan de EU in gendergelike uny te meitsjen. Yn de strategy 2020-2025 foar gendergelikensens fan de Europeeske Kommisje wurdt in yntegrale oanpak tapast, mei it breed oppakken fan gender yn Europeesk beleid. Ien fan de maatregels is de eask dat organisaasjes dy't Horizon Europe finansiering oanfreegje, in iepenbier plan foar gendergelikensens hawwe.

Provinsje Fryslân set him yn foar in gendergelike organisaasje mei grut ferskaat. Dy ynset en tawijing fynt syn oarsprong yn kêst ien fan de Nederlânske grûnwet, dat op 'e muorre yn de yngong fan it provinsjehûs fan provinsje Fryslân skildere is.

“Elk dy't yn Nederlân ferkeart, wurdt yn deselde gefallen itselde behannele. Diskriminaasje út reden fan leauwe, libbensoertsjûging, politike oertsjûging, ras, geslacht of op hokker grûn dan ek, is net tastien.”

1. Iepenbier dokumint

Wy hawwe de ynset en stipe fan de opjefferied fan provinsje Fryslân om oan in mear gendergelike provinsje Fryslân te wurkjen.

2. Spesifike middels

Provinsje Fryslân biedt strukturele en finansjele stipe om ferskaat en kwaliteit oan te pakken. Kwestjes oangeande gendergelikensens wurde mei in yntegrale oanpak oanpakt en alle nivo's fan de organisaasje wurde dêr fia de hr-strategy fan de provinsje by belutsen. De hiele organisaasje kin de human resource strategy troch fragen en feedbackmominten beynfloedzje.

Dêrneist wurde meiwurkers oantrune om stânpunten en kwestjes oangeande ferskaat en gendergelikensens mei harren managers of betrouwenspersoanen te dielen, dy't se dêrnei by de opjefferied op it aljemint bringe kinne.

3. Juridysk ramt

De Ryksoerheid hat in tal wetlike easken steld dy't op it befoarderjen fan de balâns tusken wurk en privee en gendergelikensens rjochte binne. Provinsje Fryslân is wetlik ferplichte om dy yn te fieren en foar al syn meiwurkers te stimulearjen. Dy omfiemje, mar binne net beheind ta:

- Draachferlof, heiteferlof en âlderskipsferlof;
- Adopsje- en pleechsoarchferlof;
- Minimum dagen jierliks ferlof foar al it persoanlik; en
- Genderneutrale manieren om nij persoanlik oan te lûken.

3. Balâns tusken wurk en privee en organisaasjekultuer

Provinsje Fryslân erkent dat organisaasjekultuer en balâns tusken wurk en privee wichtige komponinten binne foar it stal jaan oan in fermidden dêr't manlju en froulju deselde kânsen hawwe by it opbouwen fan in karriêre. Provinsje Fryslân hat maatregels nommen om in positive kultuer en balâns tusken wurk en privee te befoarderjen. Inkelde fan dy maatregels binne:

- Gendergefoelige kommunikaasje;
- Foarsjennings om thús te wurkjen foar al it kantoarpersoniel;
- Fleksibele en parttime wurkregelingen foar al it persoanlik; en
- It fitaliteitsbelied stelt alle wurknimmers by steat om ferlof op te nimmen om persoanlike doelen en omstannichheden te stypjen.

4. Maatregels en doelstellingen: genderlykwicht yn liederskip en beslútfoarming

Provinsje Fryslân stribbet nei in organisaasje dêr't sprake is fan genderlykwicht en wêryn't syn meiwurkers deselde kânsen en mooglikheden hawwe om liederskiprollen op te pakken.

Op it stuit is ferdieling tusken manlju en froulju yn de opjefferied 50/50. De hiele organisaasje bestiet foar 53% út manlju en 47% út froulju. It algemien management bestiet foar 67% út manlju en foar 33% út froulju. Provinsje Fryslân stribbet dernei om de genderbalâns fan it management mear yn it lykwicht te bringen.

5. Gendergelikensens by it oanlûken fan persoanlik en wurkpaadûntjouwing

Meiwurkers fan provinsje Fryslân hawwe ynspraak op it belied yn de provinsje, dêrom fine wy it wichtich dat ús organisaasje frij is fan genderfoaroordielen.

Yn 2010 is in charter, Talent naar de Top, ûndertekene om it oandiel froulju yn liedingjaande posysjes by de provinsje Fryslân te befoarderjen. Ien fan de resultaten fan it charter is dat de opjefferied no in selde oandiel manlju en froulju hat.

De provinsje wurket oan it oanbieden fan trainings foar meiwurkers om it foaroordieljen yn it proses fan it oanlûken fan persoanlik te ferminderjen.


6. Maatregels en doelstellings: tsjin genderrelatearre geweld, dêrûnder seksuele yntimidaasje.

By provinsje Fryslân stribje wy nei in organisaasje dy't fûneminteel op basis fan respekt fan wjerskanten tusken al har meiwurkers funksjonearret. Gender relatearre of wat foar oar geweld ek wurdt yn ús organisaasje net tolerearre. Der binne struktueren opset om dat probleem oan te pakken, dêrûnder:

- Belied oangeande yntegriteit en feilich wurkje;
- Betrouwenspersoanen;
- In eksterne maatskiplik wurker;
- In eksterne organisaasje foar ûndersyk by fermoedens fan wangedrach;
- It personiel moat in ferklearring oangeande gedrach oerlizze kinne; en
- In bedriuwsdokter.

Datum: 21-04-2022

Undertekening:



Algemien direkteur/ sekretaris
Mevr. R. Bouius

Foarriedige planning foar oanpaste fersy : 2024